Fraachpetear mei Neeltje Bonnema

Neeltje Bonnema op it Sjûkelân.

“It moat in oade wêze oan ’e kening fan ’e PC”

“It moat in oade wêze oan ’e kening fan ’e PC”, dat wie suver de iennichste betingst dy’t de kommisje stelde, doe’t se Neeltje Bonnema (Koehoal, 1949) fregen om Pieter Breuker op te folgjen yn it skriuwen fan it lofdicht op de PC-kening, sa’t dat alle jierren achter op ’e list stiet oer de kening fan it foarôfgeande jier. Se naam de útdaging oan en sa stie se yn 2005, as earste skriuwster, mei har lofdicht achter op ’e list fan ’e PC. Mar wa is Neeltje Bonnema? Ik socht har op yn har hûs oan ’e grêft, op in Herkulesslach fan it Sjûkelân.

Is it Neeltje of Neeltsje?
“Offisjeel is myn namme Neeltje, sa skriuw ik him sels ek altyd, mar yn ’e sprektaal is it fansels Neeltsje.”

Wie it dreech, it skriuwen fan it lofdicht op de PC-kening fan 2004, Daniël Iseger?
“We gienen fuort nei de PC op fakânsje en yn ’e fakânsje hie ik it gedicht foar it grutste part al klear, nei fjouwer wike haw ik it ynlevere. Neffens PC-foarsitter Jan van der Meij wie dat in rekôr. Ik hie ek stof genôch. It partoer wie sa entûsjast, se wienen de underdog. En de namme Daniël koe ik fansels ek moai brûke yn kombinaasje mei de liuwekûle.”

Hast sels ek keatst?
“Nee, mar ik bin der wol mei opgroeid. Us heit wie in fanatike keatser en myn bruorren binne ek leafhawwers, mar famkes keatsten net. Letter haw ik wol mei ús heit nei it keatsen west, mar dat wie mear omdat er dan in sjauffeur hie. Tsjintwurdich keatst in tantesizzer fan my, Tjitte Bonnema, yn ’e haadklasse. In oare tantesizzer, ek in Tjitte Bonnema, keatst yn ’e earste klasse. We gean dêr wolris hinne te sjen. Soan Durk en dochter Rachael hawwe ek keatst.”

Dochst oan oare sporten?
“Ja, ik tennisje, we rinne in soad, reedride as it mooglik is en ferline simmer ha wy yn Ierlân noch 600 km bij de westkust lâns fytst.”

Hast op ’e PC no ek it sitplak fan Pieter Breuker oernommen?
“Nee, wij komme al tritich jier op ’e PC en sitte altyd op ’e Skiltribune, mei de famylje en dat moat ek mar moai sa bliuwe.”

Skriuwsto oars as Breuker?
“Ja, ik ha ek fuort sein, dat ik net sa analysearje kin as Pieter, ik moat it op myn eigen manier dwaan.”

It gedicht hie net in fêst rymskema, hâldst dêr net fan?
“Dat kin ik net sizze, mar ik wie bang dat it dan forsearre oerkomme soe. Datst dan wurden brûke moast dêr’t it dy net om giet.”

Tinkst datst it, lykas Pieter Breuker, ek 14 jier folhâldst?
"Dat tink ik net, de ôfspraak is trouwens earst ek foar fiif jier."

Skriuwst al lang?
"Ik ha tweintich jier Fryske les jûn, mar ik prakkesearde der noait oer om sels te skriuwen. Op 'e legere skoalle en dêrnei skreau ik wol, yn skriften, mar ik bin eins krekt yn 1999 begûn, mei it gedicht oer de Slachte. Dêr krige ik hele positive reaksjes op. Dêrnei ha ik op skriuwkursus west bij Akky van der Veer en no bin ik bij de skriuwploech HYSP. Fan oktober oant april komme wy ien kear yn 'e fjouwer wike bijinoar en skriuwe op ferskillende tema's en jouwe elkoar feedback. Dat is heel ynspirearjend."

Ferline jier is in ferhalebondel fan dy útkommen, Rachlan, de resinsje yn 'e Ljouwerter Krante wie aardich posityf, hoe binne de reaksjes fierder?
"Posityf. Ik wurkje yn in boekhandel, Boekhandel Blaauw yn Frjentsjer, en it boek ferkeapet goed. Soms komme de minsken letter werom om te fertellen wat se der fan fûnen, wat har oansprutsen hie, dat is soms heel ferrassend."

Hast noch mear skriuwplannen?
"It gedicht oer de kening fan 2005, Chris Wassenaar, moat ik noch ôfmeitsje. Der is safolle oer dat partoer sein, omdat se ek al favoryt wienen, en ik wol leafst net oaren neiprate. It is dreech om dêr dan wat oer te sizzen dat noch net sein is."

Janneke Spoelstra

PC-dichters troch de jierren hinne

De earste kear dat der in lofdicht achter op de list kaam wie yn 1940.

De skriuwers wienen achterinoar:

1940-1957 (16x):	Jan D. van der Mei (Pietersbjirrum)
1958-1972 (15x):	Hendrik van Loon (Frjentsjer) (kommisjelid)
1973 (1x):	Sytze van der Wal (ûnder it pseudonym Swen Lavard) (Frjentsjer) (kommisjelid)
1974-1981 (8x):	Pier S. Hidma (Frjentsjer) (kommisjelid)
1982-1989 (8x):	Leendert de Haan (Frjentsjer)
1991-2004 (14x):	Pieter Breuker (Dronryp/Ljouwert)
2005- :	Neeltje Bonnema (Frjentsjer)

Rekkene binne de jierren dat it gedicht op de list stie, mar dat hat, lykas bekend, altiten betrekking op de kening fan it jiers dêrfoar.
Van der Mei hat it gedicht 16 en net 18 kear skreaun omdat de PC yn 1943 en 1944 oergong.
Van der Mei, Van Loon, Van der Wal en De Haan binne yn it harnas stoarn, Hidma is ophâlden omdat er út de kommisje rekke en Breuker omdat er oan wat nijs ta wie.

Daniël Iseger,
PC-Kening 2004

It wie sa'n waarme ljochte dei
langskonkige froulju sierden
yn de hite sinne de bûtenste linen
en it omsittend laach wie wis
dat jimme it nèt wurde koenen
mar linkende wei
waard it dúdlik dizze dei

net foldien oan 'e easken
dy't steld wurde oan de 'bêsten'
in stap tebek, earste klasse
mar fûleindich keatsten jim frijút
it semint: wille en nocht,
dàt joech de betsjoening,
betrouwen yn jimsels én de oare

jim brûze troch, dan is der skoft
de keatskenners foar ien dei
behoffenje in heale hin, drinke lij bier
en hâlde it wenstige petear;
'wa sil it winne diskear?'
'Klaas Anne dêr haw ik it op'
'wel nee, dy Iseger dy is hjoed 'top'

de liuw liet fuortdaliks dy moarns
de kroan al hingje, mar Daniël
kaam mei de holle omheech
út 'e kûle fan prippers, kwea of stuit
dan is de keats nèt foarby en
sweeft Johan nei syn freondinne,
Pieter stiet sûnder himd, en Jo:

'heit! mem! Wy haw wûn!!!'

Frjentsjer Neeltje Bonnema